

De tragyk fan de babyboom

FD 10-11-2012

Roman

troch Jaap Krol

It is 1997. De tritigers Johan en Martsje foarmje in stel dat yn Ljouwert wennet. Tegearre bringe se Lin grut, dochter fan Martsje, dy't drok yn 'e eksamens sit. Johan docht promoasjeûndersyk nei de njoggentjinde-iuwske Fryske dichter Boates Annes de Vries, Martsje is learares Dútsk. Omdat Martsje har baan mar sa-sa fynt, hopet se stikem dat Johan nei it beheljen fan de titel in better betelle oanstelling kriget sadat se dy fan har opjaan kin om in stúdzje psychology te begjinnen. Mar as Johan op in jûn in liftster meinimt, rekket er yn 'e ban fan dizze bysûndere frou. De liftster is nammentlik Jantsje Douma (dy't har ek wol Janna van den Berg of Shirley Jane neame lit), in operasjoneres fan ynternasjonale allure, dy't, - hoe tafallich -, fiere famylje docht bliken te wêzen fan dichter Boates de Vries. Johan fielt dat er goud yn hannen hat en nimt dan ek in radikaal beslút: hy seit syn oanstelling op, nimt in baantsje yn 'e horeka en begjint oan in biografy oer dizze nijsgjirige sjongeres. Konsertbesite, stambeamûndersyk, ynterviews mei treden; alles stiet yn tsjinst fan syn magnum opus – oant spionaazje ta. Mar dat is net maklik, want wa is dy diva eins? Wat jout se oan him priis en wat net?

Martsje hat it op in hiel oare wize drok. Eins kin se har grutte leafde Anders net ferjitte, de heit fan Lin. Yn har studintejierrren hie se mei him in kroech yn Grins, mar doe't se him yn bêd betrape mei Maribelle ('De Lellebel'), wie de leafde fuort oer. De twa froulju binne fijannen foar it libben, mar as Martsje op in jûn de ferkearde trein út



Jetske Bilker (2007). Foto: Frans Andringa

Swol nimt en yn Grins komt, kin se net oars as oankloppe by Anders, dy't fansels net thús is.

Fia in kollega fan skoalle komt Martsje úteinlik yn 'e kunde mei Hans, in oerspande Bosniëgonger. In tikje be-naud foar syn woeste wurden,

mar ek fassinearre troch syn earlikens liket it kontakt mei him sterker te wurden – ek omdat Martsje ergens fielt dat se eins neat begrypt fan de wrâld bûten har eachweid.

Martsje en Johan driuwe sa hieltyd fierder útinoar. Siket Johan hâldfêst troch te tinken

dat er in bestseller oan it skriuwen is, Martsje siket fanatyk nei ferdjipping yn biblioteken en dreamt oer nije útdagings. Der falle hieltyd hurdere wurden tusken it stel mei mar ien slachtoffer: Lin, it famke dat yn har eksamenjier mear opwaarpizza's ite moat as se wol. As Lin oankundiget nei it eksamen it hûs te ferlitten, wurde Johan en Martsje min ofte mear twongen de konsekwinssjes fan har beslút ûnder eagen te sjen. Mar dogge se dat eins wol?

It libben fan in oar is in roman oer it blije fertrouwen tusken minsken. Dêrmei giet it boek foaral oer it permaninte wantrouwen dat minsken foar in oar oer hawwe. Lykas Bilkers *Oar plak oare tiid* (it boekewikeboek fan 2004) wurde de grinzen fan in leafde hieltyd fierder ôftaast. Tegearre wêze is oars net as in fragyl bestân,

Fedde Schurerpriis foar debút

Jetske Bilker (1960) debutearre yn 1988 mei de roman *Imitaasjelear dêr't se de Fedde Schurerpriis foar krige. Hjirnei folge ûnder oare de ferhalenbondel *In nacht fan hús* (1997). It boekewikeboek *Oar plak oare tiid* ferskynde as *Andere plaats, andere tijd* ek yn it Nederlânsk. As oersetster*

makke Bilker oersettings fan ferskate dielen út *De Kameleon-rige* en in *Harry Potter*-roman. Bilker wie fierder (mei-)besoarger fan ferskate sammelbondsels, lykas *De 100 mooiste Friese gedichten* (2006, mei Babs Gezelle Meerburg) en *De moaiste krystferhalen* (1996).

ers

liket de skriuwster sizze te wollen.

Troch de (ûn)earlikheid fan har personaazjes makket Bilker dat wantrouwen tusken ferskate generaasjegenooten goed ynfielber. Se hawwe weet fan de wrâld, mar doarre net echt mei te dwaan – of wolle dat net. Sa is Johan goed beskôge in luie tritiger en is Martsje in ûntefreden frou. Yn harren easke-rige libbensstyl binne de twa hast archetypyske foarbylden fan de babyboom-generaasje: opgroeie sûnder brek, fergees en lang studearje en fierders folslein fergroeid mei de sa-neamde 'maakbaarheid van de samenleving' en it rjocht op selsûntjouwing.

Foar dy skerpe tekening, moaie dialogen en orizjinele ferhaallinen oer stiet ek wat oars. Mei 463 siden fyn ik *It libben fan in oar* gewoanwei te lang. Bilker har fertelstyl is der ien fan de flotte dialooch en situaasjele spanning yn in realistysk lânskip. Dy wit de skriuwster lykwols net altyd fol te hâlden. In Martsje (as learares op de hichte fan de Dútske literatuer) dy't yn de rige foar in kassa tsjin de traumatisearre Hans oer Srebrenica begjint, oertsjûget net. In frou dy't Johan yn de biblioteek it ferskil útleit tusken de ferskate soarten biografyen, jout my neatsizze-rige ynformaasje. De timing yn it ferhaal kin better fyn ik: wêr *Oar plak oare tiid* ien lange streek prima spanning is, is dizze tsjokke roman wolris it slachtoffer fan syn eigen lingte.

Jetske Bilker
**It libben
fan in oar**



i It libben
fan in oar.
Jetske Bilker.
Borjmeer,
25 euro